



## Kritenijs

Nijsbrief Krite Grou – desimber 2018

**It bestjoer fan Krite Grou winsket elk noflike krystdagen en in poerbêst 2019 mei moaie kultuer tichtby hûs!**

It jier 2018 rint nei de ein. Tiid om mei Krite Grou werom te bliken en foaral foarút te sjen. Net allinnich nei de foarstellingen dy't dit seizoen noch komme, mar ek nei moaie saken dy't we foar it seizoen 2019-2020 al op priemmen set hawwe. We hawwe it ledebestân no aardich op oarder, dat de measten kinne we no fia de mail op de hichte bringe. Ek tige aardich om te neamen is it feit dat it jeugdtoaniel yn Grou fan de grûn liket te kommen. In aparte kommisje hâldt him dêr fol entûsjasme mei dwaande. Jim hearre der noch fan.

---

Wy sitte no noch midden yn it programma fan 2018-2019

### Weromblik op dit seizoen oant no ta



We begûnen ús kulturele jier op 7 septimber yn gearwurking mei FFF mei de foarstelling *'n Zomer zonder vrouw... in Grou* yn sporthal De Twine.

Op 28 septimber hiene we yn Oer 't Hout ús jiergearkomste mei oanslutend in optreden fan de Grouster band *Volk!*



Dêrnei kaam yn oktober Tryater nei Grou. Dizze kear mei de foarstelling *Doarp Europa*: as húskeamerfoarstelling by Fraukje Bruggink en Peter van den Broek en twa kear as teäterfoarstelling yn de grutte hal fan Van Vuuren Deuren.

Yn novimber koene we yn yn hotel Oostergoo genietsje fan de sfearfolle Baskyske spylfilm *Amama* (beppe), oer in generaasje- en opfolgingskonflikt yn in Baskyske boerefamylje.



---

### Foarútblik op wat dit seizoen noch komt

#### Foar de bern



Yn de krystfakânsje is it tiid foar de bern. Freedtemiddei **28 desimber** bringt it Hymphamp Jeugdtheater yn **hotel Oostergoo** twa meartalige foarstellingen foar de basisskoallebern. Om 14.00 oere *Tante Jellebel's toetje* foar de ûnderbou (groep 1 o/m 4) en 15.30 oere *Tante Jellebel en it jubileumfeest* foar de boppebou (groep 5 o/m 8). Tagong 5 euro (ek foar begelieders). Kaarten by Jan & Japke en oan de seal.

## Kritetoaniel spilet *Gewoan te Gek*

Yn jannewaris stiet ús eigen Kritetoaniel wer op de planken. Dizze kear net allinnich op freed- en sneontejûn, mar ek op sneintemiddei. Sneontejûn mei nei ôfrin muzyk fan Berend Riemersma. It blijspul *Gewoan te Gek* fan Ton Davids giet oer 4 eks-psiatriaske pasjinten dy't yn in rychjeshûs wenje. Troch stipe fan de gemeente kinne de pasjinten mei help fan in terapeute besykje om har plakje yn de 'normale' maatskippij werom te finen.

Der stiet in grut tal nije spilers op it toaniel dy't fol entûsjasme mei regisseur Tsjitske Stoer en assistinte Rolien Stapel twa kear wyks repetearje by Oan 't Wetter dêr't ek de foarstellingen binne.

De 8 spilers binne: Lucas Haanstra, Tjitske de Vries, Johannes Bron, Jan Kiemel, Nolke Bergstra, Sepkje Koopmans, Githe van der Meulen en Grytsje Reitsma.

Freed 18 en sneon 19 jannewaris begjint it om 20.00 oere, snein 20 jannewaris om 15.00 oere. Kaartferkeap by Jan & Japke of fia ús webside. Wês der gau by!



## Pier21 – It wie op in simmerjûn

Op 8 maart 2019 spilet Pier21 *It wie op in simmerjûn*. De foarstelling lit fjouwer minsken sjen dy't plannen meitsje foar de rest fan har libben. Mar dat libben giet somtiden syn eigen gong ... Betûfte akteurs Jan Arendz en Joke Tjalsma spylje sawol it jonge as it âlde stel. Sy steane foar it earst tegearre op it poadium yn dit nije stik fan Bouke Oldenhof. De rezjy is yn de fertroude hannen fan Jos Thie. Freed 8 maart om 20.00 oere by OSG Sevenwolden



## Kofjekonsert – Marcel Smit en Gerbrich van Dekken



*Marcel Smit en Gerbrich van Dekken* slute it Kriteseizoen 2018-2019 ôf mei in kofjekonsert. Se binne ûnder oaren bekend fan it Frysk Sjongers Gala yn De Lawei. Gerbrich har band 'It Grutte Guod' soarget foar de muzikale begelieding. Wy ûntfange se graach yn Grou foar in bysûnder kofjekonsert op sneintemoarn. Snein 7 april om 11.00 oere yn it Teehûs.



## Foarútblik seizoen 2019-2020

It is fansels noch in ein fuort, mar dochs binne we al wer aardich fier mei de planning foar it kulturele seizoen 2019-2020. We prate jim graach by oer de stân fan saken.



We iepenje it seizoen op freed **20 septimber** mei ús **jiergearkomste**. It idee is om dan nei it skoft de filmopname fan de revu *Bylden fan de Bruorren Halbertsma* út it jier 2000 te toanen. Dy revu waard doe opfierd ta gelegenheid fan 125 jier Krite Grou.

Yn oktober 2019 giet it stik *De man fan dyn libben* fan **J&M Teaterwurk** (Jan Arendz en Marijke Geertsma) mei as gastspiler Anke Bijlsma yn premiêre. Op freed **25 oktober** wurdt it yn Grou opfierd by hotel Oostergoo. In hilarysk stik en de Fryske bewurking fan 'De Man van je leven' fan Arthur Japin.



Bysûnder foar Grou is de foarstelling *Taal op it spoar* fan **Leo en Leny Dykstra** dy't freed **22 novimber** te sjen wêze sil by hotel Oostergoo. It stik draait om de Grouster komponist Cees Bijlstra dy't yn 2004 hommels ferstoarn is. Yn it ramt fan LF2018 is it yn 2018 20 kear spile en it krige loovjende resinsjes, reden om der hjerst 2019 noch mei troch te gean. Spilers: Leny Dykstra en Hiske Oosterwijk, muzikale begelieding: Addy Schele en Anke Piersma.

RUR hat yn Grou meardere kearen mei in ryk ferskaat oan gasten te bewûnderjen west. RUR betsjut eins **Rechtstreeks Uit** (kafee) **Richter** en wie destiids in tv-programma fan Jan Lenferink. Om't it yn Grou no aardich ynboargere is en eins neat te krijen hat mei de oarspronklike namme, wolle we it mar omdope yn **RUG, Rjochtstreeks Ut Grou** (idee fan Freark Smink. Op sneintemoarn 15 desimber 2019 is Freark Smink presintator fan ús earste offisjele **RUG!** Wa't ús gasten binne, hearre jim letter.



Yn jannewaris 2020 ha we fansels wer ús eigen Kritetoaniel en we sykje foar de krystfakânsje noch wat foar de bern. Mar foar maart 2020 ha we al wat fêstlein. Op sneintemoarn **15 maart 2020** sille **Grytz en Grize** mei twa begelieders in kofjekonsert foar ús fersoargje. Wa't se wolris heard hat, wit dat we op in moaie sneintemoarn rekkenje kinne.

Sa't jim sjogge ha we al wer fier foarút hiel wat prachtige kultuer foar jim yn 't fet. We hâlde jim op de hichte. Foar no nochris de bêste winsken foar 2019 en graach oant sjen op ien fan ús Kritefoarstellingen! Krite Grou, kultuer tichtby hûs!